

Edysje 2025

KF JAN REITSMA

REDUZUM





Foarwurd

Sjoerd Hofstee hat de foarsittershammer yn febrewaris trochjûn oan Frederik van Dijk. Beide mannen giene dêroer yn petear.

Frederik: No Sjoerd, hoe sjochtst werom op sân jier foarsitterskip?

Sjoerd: Mei in hiele protte nocht. Mei-elkoar belibben we faak in protte wille op it keatsfjild. Dat ik dêr as bestjoerslid de ôfrûne jierren in wat gruttere bydrage oan leverje mocht, is foaral hartstikke leuk.

Frederik: Binne der ek saken dy't der boppeút springe?

Sjoerd: Dat wy yn it earste Covid-jier doe't we in haadklassewedstriid foar manlju nei Reduzum helje koene, wie dochs wol in boppeslach, krekt as de 2e priis op de Freule; it barde yn it earste jier dat ik foarsitter wêze mocht. Mar ik genietsje like bot fan de trainingen en ledepartijen foar jeugd en senioaren; dat is de basis en it is prachtich dat dat meastal knap rint.

Frederik: En no?

Sjoerd: In swart gat fansels ... Nee, dat is gekheid. Ik sil de sponsorkommisje stypje en hoopje en ferwachtsje sels folop keatsen te bliuwen. En dan sjoch ik dy fansels, ek yn in nije rol ...

Frederik: Seker, sa no en dan in baltsje slaan mei de wille dy't derby heart, dêr dogge we it foar. En dan no de kommende jierren wat mear en faker ek tiid yn oare saken stekke om it keatsen hinne. Dat sil grif slagje mei al dy entûsjaste minsken dy't altyd op en om it fjild omspane ... Hiel weardefol dat we it mei-elkoar dogge.

Sjoerd: En hoe hopesto dat de feriening him ûntwikkelje sil de kommende jierren?

Frederik: Fier boppe-oan stiet foar my: wille mei-elkoar belibje op en rûn it keatsfjild. Yn hokker foarm dan ek mar. En derneist hast it punt fan de prestaasje. Guon hawwe mear drive en talint en it is moai dat wy as feriening dat fasilitearje kinne.

Sjoerd: Moai datst dat seist. Ik sjoch it ek echt sa dat wy in feriening binne dy't prestaasje en plezier kombinearret. As we der yn slagje om de jeugd oan ús te binen, leau ik dat ús 121-jierrige feriening noch moaie tiden belibje sil.

Frederik: Ja, dêr gean we foar en dat moat fansels slagje. We bliuwe goed nei de leden harkjen en sa gean we op nei noch mear moaie jierren foar ús keatsferiening!

Wisten jo dat?

-  De bestjoeren fan de KF dit jier in oantal nije gesichten krigen hat.
-  Wy Sjoerd tige tanksizze foar syn foarsitterskip en Frederik in soad sukses tawinskje kommend seizoen as foarsitter.
-  Wy fan dizze lûdsteknikus wol in nije playlist ferwachtsje op it keatsfjild.
-  Us keatsboekje in lytsere omfang krigen hat.
-  Wy as feriening dêrom mear mei jo kommunisearje sille fia sosjale media, Reduzum.com, Linepraat en ús webside.
-  Us webside in fernijing krije sil kommend jier.
-  It wedstriidskema, skjinmakskema, fjildlisskema en it kantineskema yn de takomst op ús webside stean sil mei noch folle mear ynformaasje.
-  Wy it ôfrûne jier in hiel oantal nije keatskameraten derby krigen hawwe, mar der noch folop romte foar mear is.
-  It muorrekeatsen noch hieltyd oan populariteit wint.
-  De aktive keatsleginde Taeke Triemstra miskien wol dwaande is mei syn lêste trainingsjier op it fjild hjir yn Reduzum.
-  We dit jier in fuotbal-keatsen fariant probearje sille; Jeroen van Dijk hjir ekspert yn is.
-  De KF yn gearwurking mei Muta Sport in kleanline makke hat foar ús feriening.
-  De earste bestelronde west hat en der yn april in twadde ronde komt.
-  It hjirtroch hieltyd griener wurdt mei ús trainingen, nettsjinsteande dat we yn de seal traine.
-  Wy sûnt dizze winter keatstrainingen oanbiede foar al ús jeugd yn de seal. De bern hjir hiel entûsjast oer binne en al sin ha om wer it fjild op te gean!
-  Wy jo graach kommend seizoen wer treffe op it keatsfjild!

Evenemintekalinder

jeugd

datum	tiid	evenemint	foar wa
7 april	18.30	1e training jeugd en âlderynfojûn	kabouter
13 april	13.00	iepening seizoen, clinic mei Puur Passie	kabouter, famkes
15 april	18.30	start kompetysjekeatsen jeugd	kabouter
27 april	10.00	keningskeatsen	kabouter
25 maaie	09.30	ledepartij mei Wytgaard yn Reduzum	kabouter
8 juny	10.00	strjittekeatsen	kabouter
14 juny	10.00	KNKB NK skoaljonges	skoaljong
29 juny	10.00	ferrassingspartij	kabouter
30 augustus	13.30	frije federaasje	welpen, p

senioaren

23 maart	14.00	seal muorrekeatsen Wytgaard	jonges, fa
23 april	18.45 19.30	start training junioaren/senioaren start kompetysjekeatsen	jonges, fa jonges, fa
25 april	19.00	start muorrekeatsen kompetysje	jonges, fa
27 april	13.00	keningskeatsen mei lytse en sachte bal	jonges, fa
11 maaie	13.00	El Classico: Eelke en Anna-partij lytse bal	jonges, fa
25 maaie	13.30	pearkekeatsen lytse en sachte bal	jonges, fa
1 juny	13.00	molenpartij	jonges, fa
8 juny	13.00	strjittekeatsen	jonges, fa
13 july	10.30	fuotbal-keatsen	jonges, fa
18 july	19.00	muorrekeatstoernoai	jonges, fa
31 augustus	13.00	Trije Doarpen PC ABZ klasse sachte bal	jonges, fa
7 septimber	10.00	KNKB 1e klasse manlju en froulju	jonges, fa
12 septimber	18.30	finale muorre- en kompetysjekeatsen	jonges, fa
21 septimber	10.15	teatsen	jonges, fa
27 septimber		Reduzum Bloeit	jonges, fa



wa	sponsors
uters (groep 3), welpen, pupillen, skoaljeugd	
uters (groep 3), welpen, pupillen, skoaljeugd, jonges, es	
uters (groep 5), welpen, pupillen, skoaljeugd	
uters (groep 5), welpen, pupillen, skoaljeugd	Eachwiid
uters (groep 5), welpen, pupillen, skoaljeugd	Frederika's taarten
uters (groep 5), welpen, pupillen, skoaljeugd	Café Bar De Welp
onges	SalarisXpert
uters (groep 5), welpen, pupillen, skoaljeugd	Roorda Multiservice
en, pupillen, skoaljeugd, jonges, famkes	Ferskate
es, famkes, junioaren en senioaren	
es, famkes, junioaren en senioaren	
es, famkes, junioaren en senioaren	
es, famkes, junioaren en senioaren	
es, famkes, junioaren en senioaren	SF Bouw
es, famkes, junioaren en senioaren	Willie's Hout
es, famkes, junioaren en senioaren	Redurisk & Langs de melkweg
es, famkes, junioaren en senioaren	
es, famkes, junioaren en senioaren	Café Bar de Welp
es, famkes, junioaren en senioaren	Bakker Transport
es, famkes, junioaren en senioaren	Timmerbedriuw Klaas Hijlkema
es, famkes, junioaren en senioaren	Eltse dielnimmer bringt in priis mei
es, famkes, junioaren en senioaren	
es, famkes, junioaren en senioaren	Route 32
es, famkes, junioaren en senioaren	Agridek
es, famkes, junioaren en senioaren	

Seleksje ôfdielingspartoeren

De Technyske kommisje (TK) wurdt gearstald troch it bestjoer fan KF Jan Reitsma Reduzum. Dizze kommisje is belêste mei de taak om de seleksje te meitsjen fan (jeugd) leden dy't yn oanmerking komme foar de ôfdielingspartoeren. Dizze partoeren fertsjintwurdigje ús feriening op KNKB- en regio ôfdielingswedstriden en NK's yn ferskate leeftiidskategoryen. It seleksjetrajekt foar de jeugd fynt plak foar it seizoen. Hoe't dat giet falt te lêzen op ús webside. Leden dy't bûten it postkoadegebiet (fan ús doarpen) wenje, soene ek gading meisje kinne om yn 'it partoer' te kommen. Wol hantearje wy dêrby de betingsten en regels dy't it KNKB hjirfoer opsteld hat. Per gefal wurdt sjoen troch de TK as dit it ôfdielingspartoer in kwaliteitsympuls jout yn de betreffende kategory. As dat sa is kin der in fersyk 'spylgerjochtichheid' dien wurde by it KNKB.

Gedrachskoade

Oandacht foar gedrach rûn, lâns en bûten it fjild bliuwt der wis en wrachtich ek yn 2025. It bestjoer fynt dat we hjirmei nei bûten komme bliuwe moatte. Op ús webside ha we in gedrachskoade stean, dêr't wy as bestjoer en ferieniging foar steane en stean wolle. Yn it koart komt it hjir op del:

- 1 Behannelje oaren sa jo sels ek behannele wurde wolle.
- 2 Hâld respekt foar je maten, de tsjinpartij, trainers, coaches, skiedsrjochters, bestjoerders, frijwilligers en fansels it publyk.
- 3 Wês sunich op en mei materiaal fan de klup, lykas spul fan oaren.
- 4 Helpe mei putsjes as fjildlizze, kantinetsjinsten, skjinmeitsjen, opromjen, karmasterje, in jeugdwedstrydsje begeliede, blokjerinne is tige wichtich en is de gewoanste saak fan de wrâld. Mei syn allen is de grutte bulte wurk sa oan de kant!
- 5 As je fine dat der dingen barre as sein wurde dy net oan boppesteande punten foldogge, meie jo dyjinge der op oansprekke en ek melde by it bestjoer.
- 6 Sûnt 5 jier ha we betrouwenskontaktpersoan, dhr. Nijman, mocht der dochs wat mis wêze. Moby: 06-12584432 E-mail: fcnijman@hotmail.com

It liket hiel wat, mar it is eins hiel gewoan en normaal.
In protte keatswille mei syn allen!

Trainingen

Trainingen jeugd

Fan moandei 7 april 2025 ôf begjinne we wer mei de fjildtrainingen foar de jeugd fan groep 3 ôf. Op dizze jûn is ek de âlderjûn.

De groepsyndieling wurdt yn gearwurking mei de trainers makke en sy sille dan ek ûnder de trainingen besjen as in bern yn útsûnderlike gefallen trochstreame kin nei in oare groep.

De tiden binne sa:

Kabouters o.e.m. pupillen (oant bertejier 2012)

Moandei 18.30-19.30 oere

Skoaljonges en -famkes, jonges en famkes

Moandei 19.30-20.30 oere

Frije training jeugd

Wolsto dyn opslach ferbetterje of miskien in wedstrydsje dwaan? Dat kin op de freedtejûn fan 18.30-19.30 oere. Dizze jûn kinsto materiaal fan de feriening brûke. LET OP: der is gjin trainer oanwêzich, it is de bedoeling datst sels as mei dyn heit as mem trainen giest. Der is wol immen fan it bestjoer oanwêzich om de materialen út te jaan en wer yn te nimmen.

Foar de senioaren is der neist it fjildkeatsen ek de mooglikheid om oan te sluten by it muorrekeatsen tusken 18.30 en 19.30 oere.

Training senioaren

Foar elts fan bertejier 2006 ôf as earder, is der op woansdeis fan 18.45-19.45 oere ûnder lieding fan Frederik van Dijk de mooglikheid om te trainen. Wolst meidwaan? Lit it dan yn it foar witte by Willem (06-15115421).



Sponsors fan 2024

